Nij Frisia

Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse

JIERGONG LXIX, nûmer 3 hjerst 2020 ISSN 2352-8958

Aksje tsjin de Nederlânske flagge yn 'e Steateseal 21 jannewaris 2020

(1)

(2)



(3)

(4)

(5)

Byskriften:

1: Thierry Baudet: Breek het partijkartel!
2: Ulrike Guérot: Warum Europa ein Republik werden muss!
3: Abe de Vries
4: Ulrike Guérot
5: It biedwurd fan 'Sis Tsiis': 'Frysk op skoalle bernerjocht'

Ús eigen Taal (35)

Sytze T. Hiemstra

Fryslân foarst en it Frysk keninginne (II)

Ynlieding

Yn Nij Frisia *(nû. 2, simmer 2020, s. 3, 5-11) haw ik de needsaak oanjûn om ta gâns mear* autonomy *of* selsbestjoer *foar Fryslân en de Friezen te kommen. Dat is needsaaklik om de betingsten te skeppen foar it folweardich fuortbestean fan it Frysk. Dêrta moat Fryslân wer it karakter krije fan in eigen 'steat' mei in eigen rjochtssysteem. Der hawwe tiden west dat soks folle mear it gefal wie en it ferlies dêrfan – nei 1500 en benammen nei 1800 – docht ús taal en oare saken dy't fan belang binne foar ús identiteit, grutte skea. Dat kin maklik liede ta it ferdwinen fan ús kulturele eigenheden. Sa'n lot is de Switsers yn de rin fan de skiednis besparre bleaun en dêrom kinne wy ús hjoed-de-dei noch oan harren spegelje en ús troch harren ynspirearje litte. En benammen om sok lijen net langer duldsum oer ús hinne komme te litten.*

Sytze T. Hiemstra

Switserlân as ynspiraasjeboarne

Frije gemeenten, stêden en regionale mienskippen hawwe harren yn de rin fan de skiednis altiten beroppen op âlde rjochten en it hong fan de ûnderlinge krêftferhâldings ôf yn hoefier't de machthawwers en hearskers dêr oan tajaan moasten. Somtiden hie wjerstân fan 'ûnderdienen' in duorsum effekt, lykas dy fan de stêden yn Noard- en Midden-Itaalje, mar benammen yn de boeremienskippen fan de Switserske Alpen.[1] De Switserske *Konfederaasje*[2] makke him om 1500 hinne hieltiten mear los fan it Habsboarchske Ryk. Fan 1513 oant 1798 bestie dy konfederaasje út trettjin soevereine kantons dy't harren op frijwillige grûnslach mei-inoar ferbûn hiene, haadsaaklik as definsive unys. It begûn yn 1291 mei de trije lânsgemeenten Uri, Schwyz en Unterwalden, dêr't stap foar stap Luzern, Zürich, Zug, Bern en Glarus[3] harren by oansleaten, sadat der yn 1423 acht 'âlde plakken' wiene. Oant 1513 kamen dêr noch fiif by en dêrnei stabilisearre de konfederaasje him. Fan 1524 oant 1529 gongen fjouwer stêden oer nei it *evangelyske* leauwe: Zürich, Bern, Basel en Schaffhausen. Allinnich Bern hold in patrisysk[4] bestjoer, yn de oare trije diene ek de ambachtsgilden mei.

Net ien fan dy stêden die mei oan de Dútske Ryksdagen

[ferfolch begjint op side 5]

[1] Wim Blockmans, *Medezeggenschap. Politieke participatie in Europa vóór 1800* (Amsterdam: Prometheus, 2020, s. 31, 51-52). Blockmans is emearitus heechlearaar midsiuwske skiednis oan de Universiteit Leiden.

[2] In *konfederaasje* is in steatebûn of uny: in gearwurkingsferbân fan ferskillende ûnôfhinklike (soevereine) steaten of dielsteaten mei it rjocht om derút te stappen. Ornaris wurde yn dat ramt op basis fan in mienskiplik ferdrach mienskiplike belangen regele, bgl. oangeande it bûtenlânske belied.

[3] Oebele Vries hat yn in lytse publikaasje oer de *Frijheid fan Fryslân I. De útsûnderlike oarsprong fan de Steaten fan Fryslân* ([Ljouwert:] provinsje Fryslân, febrewaris 2016; 28 siden) fannijs omtinken jûn oan in wierliken 'demokratyske' gong fan saken yn in heech ûntwikkele lân as Switserlân en ek oan it kanton Glarus: 'Switserske kantons fergaderje noch hieltyd yn de iepen loft. Wy kinne ús fergaderingen yn de iepen loft fan tûzenen minsken no fansels hast net mear foarstelle. Dochs is der in plak yn Europa dêr't it no noch altiten sa om en ta giet. Dat is net yn in wat efterbleaun lân, mar krekt yn ien fan de meast ûntwikkele: Switserlân. Yn it kanton *Glarus* en it 'Halbkanton' Appenzell Innerrhoden bestiet it noch: in gearkomste fan alle kies- en stimberjochtige boargers ûnder de frije himel. En dy gearkomste wurdt Landsgemeinde neamd! Dêr is trouwens, oars as earder yn Eastergoa en Westergoa, wól in parlemint dat de saken taret: de Landrat. En der is ek in soarte kolleezje fan deputearren, dat besluten útfiert: de Regierungsrat. Mar de besluten moatte noch altiten bekrêftige wurde troch de Landsgemeinde' (s. 8-9).

[4] *Patrisysk*: oansjenlik, adellik.

Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske litera- tuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it folgjende nûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 desimber 2020. Samler: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Balthasar Bekkerstrjitte 7, 9123 JV MITSELWIER; digitale kopij: piter@dykstra.frl

Fêste meiwurkers

drs. Piter Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter en dr. Bertus Jans Postma. Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Meiwurkers oan dit nûmer

dr. Jehannes Elzinga, drs. Sytze T. Hiemstra, Sander Hoekstra, Cor Jousma, dr. Bertus J. Postma, Jaap Slager, Abe de Vries.

Postadres

Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN

Webstek

www.jongfryskemienskip.frl

E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35
op namme fan:
Jongfryske Mienskip, IT HEARRENFEAN

Bestjoer

Sjoerd Groenhof, Chris van Hes (foarsitter), Sander Hoekstra, Wolter Jetten (skriuwer/skathâlder), Frâns Koning en Jos de Boer.

By de foarside

Aksje fan de JFM tsjin de Nederlânske flagge yn de Steateseal (foto: S.T. Hiemstra). Sjoch it ferslach fan Sander Hoekstra oer dy aksje op s. 12-14.

Fan de redaksje

Ús hjerstnûmer is mei de bydrage fan fjouwer auteurs wer in nûmer mei in aksjetema wurden. De foarside toant it nachtlik ûndernimmen fan de JFM op 21 jannewaris 2020. Sander Hoekstra docht der ferslach oer.

Fan Jehannes Elzinga is it wurd oan de rjochter opnommen yn syn saak tsjin de gemeente Waadhoeke oer it (ûntbrekken fan) it plaknammebelied. En Cor Jousma nimt it op foar de Fryske plaknammen yn de gemeente Ljouwert. It twadde artikel fan Sytze Hiemstra oer it Frysk as keninginne nimt Switserlân as ynspiraasjeboarne foar in demokratysker Nederlân en Europa mei mear autonomy.

De taspraak dy't Abe de Vries op 1 novimber 2019 holden hat, hawwe wy in plak jûn. As aksjefierder en gearropper fan 'Sis Tsiis' moat ik lykwols wol op in pear útspraken fan Abe de Vries reagearje. Net fan herten, want ik wol myn enerzjy leaver oan de goede saak besteegje. Mar stilhâlde betsjut ynstimme en dat kin ek net. As aksjefierders fan 'Sis Tsiis' binne wy troch Abe syn en Friduwih har skriuwen útmakke foar fassisten en rasisten. It biedwurd fan 'Sis Tsiis' hat lykwols nea oars west as: ***'ûnderwiis yn de memmetaal is in bernerjocht'***. Dat rjocht is wetlik en yn Europeeske ferdraggen fêstlein en net iens heal tapast. Feitliken wurdt der eins de gek mei stutsen en ***dêr*** fiere wy aksje tsjin. Dat men dat rjocht ek út beskate wrâldbylden wei motivearje kin, seit himsels, mar oer sa'n ferhaal litte wy ús as aksjegroep net út, om't men dêr ferskillend oer tinke kin en wy krekt op in maksimaal draachflak út binne. It boadskip dat in bern troch ûnderwiis yn de memmetaal ek leart, dat men jin net foar jins ôfkomst hoecht te skamjen, is in ienfâldich en sterk sinjaal. Der is fan 'Sis Tsiis' ek mear telâne kommen as dy iene demonstraasje yn 2016 dy't Abe neamt. Op de webside www.sistsiis.frl kin men sjen dat wy ferline jier fjouwer kear de dyk op west hawwe (fiif kear as wy de aksje yn de steateseal meirekkenje). Der wie ek in twadde demonstrative tocht by (9 maart 2019), dêr't lykwols hast helte minder folk by wie as dy earste kear. It is fertrietlik dat dat no krekt foar in grut part kommen is troch it moddersmiten fan minsken dy't deselde idealen hawwe as wy.

Jaap Slager makket de stap fan de koroanakrisis yn Portugal nei de taalpolityk fan ús provinsje.

Bertus Postma hat yn trije stikjes de sloppe taalhâlding fan oare pommeranten op 'e kerl en ek de rjochtbank oer it opkearen fan besikers yn de saak oer de plaknammen.

In soad lêsnocht tawinske!

Piter Dykstra

[ferfolch fan s. 3]

en sadwaande hiene se ek gjin lêst fan de keizerlike godstsjinstpolityk. Wol waard it tal 'Tagsatzungen' (gearkomsten fan alle leden fan de konfederaasje) hurd minder, fan trochinoar tweintich yn it jier tusken 1470 en 1525, oant fjouwer yn it tiidrek oant 1700. Yn de jierren 1529 oant 1532 wiene der krekt in hiele protte gearkomsten, wol sa'n fyftich à sechstich jiers, benammen fan de ôfsûnderlike konfesjonele groepearrings. De sân *katolike* kantons holden trochstrings njoggen yn in jier, de *evangelysken* trochinoar 1,8 oant 1617, en 4,4 tusken 1618 en 1707. Der ûntstie lykwols op godstsjinstich mêd gjin hurde politike kleau. Gâns oare faktoaren spilen yn de kantons in rol en se hongen tige oan de eigen selsstannigens. Benammen as it gie om it leverjen fan hiersoldaten oan eksterne machten en it sluten fan alliânsjes besliste elts kanton op grûn fan de eigen strategyske en ekonomyske belangen.

Dêrby kaam it wol foar dat de algemiene gearkomsten fan striidbere manlju oars keazen as harren bestjoerders en gesanten yn de 'Tagsatzung'. Sa koe it katolike Fenetië better saken dwaan mei de protestantske kantons Zürich en Bern, omdat dy mear soldaten leverje koene as alle roomske kantons mei-inoar. En de protestantske kantons wurken wer nauwer gear mei de katolike keningen fan Frankryk of de Habsboarchske keizer as de protestanten yn de Republyk fan de Sân Feriene Nederlannen[5], Ingelân of Brandenboarch-Prusen. De katolike kantons keazen dan ûnderling wer ferskillend foar de inoar bekampende Spaanske of Frânske lannen. De twang ta in beskaat leauwe yn sokke lannen dearde eksterne partijen net. De kantons koene selsstannich besluten nimme.[6]

Yn dat ramt liket my û.o. ek it byld dat jurist en politikus Thierry Baudet[7] jout fan de Switserske demokrasy, dy't er in 'echte' demokrasy neamd, fan belang.[8] Dat nim ik yn myn eigen oersetting (hjirûnder) yn it Frysk foar it grutste part oer.

It Switserske model[9]

'*Ynlieding:* Switserlân is in *sterk desintraal* organisearre *federaasje*, opboud út seisentweintich dielsteaten, kantons neamd. Dy kantons hawwe in *grutte mjitte fan autonomy*: in eigen regear, in eigen parlemint en in eigen Grûnwet. Elts kanton hat twa ôffurdigen yn de saneamde *Ständerat* – de federale senaat yn Bern. Dêrnjonken meie de Switsers om de fjouwer jier stimme foar de twahûndert leden fan de *Nationalrat*, it par-

[ferfolch op s. 6]



Thierry Baudet: Nederlân is foar in grut part noch in elektive aristokrasy en dat moat oars ...

[5] De *Sân Feriene Nederlannen* foarmen tusken 1588 en 1795 ek in konfederaasje mei skaaimerken fan in ferdigeningsbûn en in dûane-uny en dy hiene sa likernôch de omfang fan it hjoeddeiske Nederlân.

[6] Wim Blockmans, 2020, s. 232-233.

[7] Mr. dr. Thierry Henri Philippe Baudet (Heemstede, 1983) is filosoof en politikus. Hy wie ien fan de inisjatyfnimmers fan it riejaand referindum (fan 6 april 2016) oer de Assosjaasje-oerienkomst tusken de Europeeske Uny en Ûkraïne. 61% fan de opkommen kiezers (2,5 miljoen fan de 12,8 miljoen kiezers, stimden *tsjin* de wet (fan 8 july 2015) om dy oerienkomst goed te karren. De opkomst wie 32%, wêrmei't de kiesdrompel helle waard.

[8] Thierry Baudet, *Breek het partijkartel! De noodzaak van referenda* (Amsterdam: Prometheus, 2017; 176 siden); sjoch benammen haadstik 4, 'Het Zwitserse model', s. 61-82.

[9] De 17 noaten dy't Baudet jout, haw ik weilitten. Dy binne te rieplachtsjen yn syn boekje (s. 154-156). Hjir en dêr haw ik guon wurden wat faker skeanprinte as dat Baudet dat sels docht.

lemint. By dy ferkiezings wurde tagelyk ek de leden fan de Ständerat keazen.

It regear fan Switserlân, de *Bundesrat*, bestiet út *sân* leden dy't beneamd wurde troch de *Vereinigte Bundesversammlung*, d.w.s.: de Nationalrat en de Ständerat byinoar. De foarsitter fan dy sân mei him/har it steatshaad fan Switserlân neame – mar nei in jier moat dy posysje alwer priisjûn wurde: it foarsitterskip fan de Bundesrat rûlearret nammentlik, en nei fjouwer seizoenen komt in oar oan bar. Net dat it winliken folle útmakket wa't yn Switserlân formeel de baas is – want de befolking nimt de measte besluten gewoan séls. It is it *meast demokratyske* lân yn 'e wrâld; en de ministers en de presidint binne earder in soarte fan boekhâlders of administrateurs as politike lieders. Dat ferklearret ek wêrom't de sân leden fan it regear faak mear terminen yn de Bundesrat sitte (nettsjinsteande wikseljende ferkiezingsútkomsten). Ek al moatte se alle fjouwer jier op 'en nij beneamd wurde troch it parlemint, harren posysje is sa apolityk dat dy werferkiezing ornaris amper swierrichheden jout. It binne in soarte fan amtners en se stelle sels ek harren eigen opfolgers foar. Sûnt it begjin fan de tweintichste iuw binne alle útstelde kandidaten troch it parlemint oannommen. *Net ien kandidaat waard fuortstimd*. Sa ûnkontroversjeel binne regearingsposysjes yn Switserlân!

Oant 1848 hie Switserlân sels hielendal gjin sintrale oerheid – it lân wie in 'konfederaasje' (oftewol 'steatebûn'), wêrby't de kantons úteinlik folslein soeverein wiene. De oergong nei in federaal ferbân joech strideraasje en soarge foar nochal wat protesten – sels ta in koart boargeroarlochje, de saneamde *Sonderbundskrieg*, dêr't inkelde tsientallen deaden yn foelen. It referindum lykas it no – yn al syn ferskillende foarmen – yn Switserlân bestiet, waard yn fazen ynfierd – of leaver sein: ôftwongen. Want nije tasizzings foar direkte folksynfloed op it belied kamen altiten ta stân as gefolch fan opposysje út de befolking wei tsjin fierdergeande sintralisaasje fan steatsmacht.

Sa bea it earste konstitúsjonele ramtwurk dat nei de Sonderbundskrieg yn 1848 optúgd waard, de mooglikheid oan it folk om in totale refyzje fan de konstitúsje ôf te twingen: in folsleine feroaring fan de politike oarder as in mearderheid fan betinken wie dat de steatsmacht ûntspoard wie. Wat it *Plakkaat van Verlatinghe* de Nederlanners tasei (sjoch haadstik 2 [fan Baudet syn boek, sth]) – nammentlik it rjocht om by konstatearre wanbestjoer in ein te meitsjen oan de politike oarder – waard yn Switserlân *echt yn de konstitúsje ferankere*. Dêrnjonken waard de sintrale steat ek ferplichte om in *referindum* te organisearjen by grûnwetswizigings, haastwetten of by oansluting by ynternasjonale organisaasjes.

De earste referinda dy't sa yn Switserlân ynsteld waarden, foelen lykwols net samar út de loft: op kantonaal en lokaal nivo bestie it referindum al (folle) langer. Al iuwen wie it op pleatslik nivo wenst om in iepenbiere gearkomste – de saneamde *Landsgemeinde of Gemeindeversammlung* – byinoar te roppen en troch algemiene stimming ta besluten te kommen. Sûnt de jierren 1830 formalisearren de ferskillende kantons, lykas Sankt Gallen en Zürich, dy prosedueren. En fierders waarden de ynwenners fan beskate kantons, lykas Appenzell Innerrhoden en Glarus, noch altiten alle jierren oproppen om diel te nimmen oan sa'n iepenbiere folksgearkomste om mei-inoar de ôffurdigen en hege amtners fan it kanton te kiezen en te stimmen oer nije wetten en inisjativen. Sa'n 80% fan de lytsere gemeenten hat oant hjoed-de-dei sels noch altiten gjin gemeenteried, mar allinnich publike gearkomstetiden, dêr't de *hiele* kiesberjochtige befolking meikedize kin!

Lykas sein waard de *direkte* demokrasy op nasjonaal nivo ek nei dy earste federale Grûnwet fan 1848 stadichoan hieltiten fierder útboud. Yn de jierren 1860 waard in systeem fan evenredige fertsjintwurdiging yntrodusearre wêrtroch't de lju dy't herfoarmje woene, in swierdere faktor waarden yn it parlemint. In jier of tsien letter slagge it harren fierdersoan om it fakultatyf korrizjearjend referindum der troch te drukken: alle wetten dy't troch de federale oerheid útfeardige waarden, koene no ûnderwurpen wurde oan in *folksstimming*. De druk op it regear om in folksinisjatyf mooglik te meitsjen, waard hieltiten grutter. Út soarte seagen de wenstige fêste machten dêr behoarlik tsjinoan, mar om op it lêst mar fan dy trochgeande striid dêroer ôf te wêzen, besleat it regear yn 1891 om in útstel ta ynfiering fan it in folksinisjatyf dan dochs mar troch **de wei fan in referindum** (!) oan it folk foar te lizzen. It foarstel waard mei oerweldigjende mearheid oannommen. De striid om *echte* demokrasy wie folbrocht.

Trije soarten referinda

Sûnt de jierren 1890 hat Switserlân dus trije soarten nasjonale (of federale) referinda:

1. *Ferplichte referinda*: Grûnwetferoarings út it parlemint wei moatte ûnderwurpen wurde oan in referindum. Dêr is in *dûbelde mearheid* foar nedich: net allinnich in meartal fan alle stimmen, mar ek in meartal



En Fryslân moat dêryn út soarte ek in autonome Europeeske 'regio' wurde!

fan de kantons, dat wol sizze: in mearheid yn mear as de helte fan de kantons.
2. *Fakultative korrizjearjende referinda*: Nei't in gewoane wet (dus gjin grûnwetswiziging) troch it parlemint oannommen is, kin de befolking dêr in referindum oer ôftwinge. Dêr binne 50.000 stipeferklearrings foar nedich dy't binnen 100 dagen sammele wurde moatte.
3. *Fakultative inisjearjende referinda*: De saneamde 'folksinisjativen'. Dy jouwe de befolking de mooglikheid om neffens eigen goedtinken de wet oan te passen of sels de steatsoarder hielendal te ferfangen. Elts folksinisjatyf dat oannommen wurdt, *resultearret yn in grûnwetswiziging*. Dêrtroch wurdt de útslach fan it folksinisjatyf bestindige yn de steatsynrjochting (en kin dus net samar fuortstimd wurde troch in ienfâldige mearheid yn it parlemint). Sterker: wiziging fan de Grûnwet fereasket *altiten* in referindum (sjoch hjirboppe ûnder punt 1) – dus in oannommen folksinisjatyf kin allinnich weromdraaid wurde troch ... in nij referindum! Sa wurdt de stim fan de befolking konstitúsjoneel beskerme. Foar in folksinisjatyf moatte 100.000 stipeferklearrings sammele wurde – binnen in tiidrek fan 18 moanne. It parlemint kriget de kâns om mei in tsjinútstel te kommen en dat kin ék op it stimbiljet komme te stean. De Switserske boarger moat yn dat gefal úteinlik trije kear in kar meitsje:
(I) Oer it folksinisjatyf (ja of nee);
(II) Oer it tsjinfoarstel fan it parlemint (ja of nee); en
(III) Hokfoar fan dy twa foarstellen oft de foarkar krije moat as beide in mearderheid helje.

Der binne *fjouwer fêste* mominten yn it jier dat referinda holden wurde. De data binne no al fêstlein oant 2032 – dus boargers kinne harren kampanjes ek jierren foarút planne. Op dy fêstleine data wurde alle folksinisjativen en korrizjearjende referinda yn íén kear ôfhannele, sadat op íén dei somtiden wol in stik of fiif kwestjes besljochte wurde – mar nea mear eigentlik, want trije moanne earder wiene alle foargeande referinda al behannele. Der steapelet him dus gjin grutte hoemannichte "efterstallige referinda" op (lykas yn de Feriene Steaten – sjoch folgjend haadstik [fan Baudet syn boek, sth]). Yn 2016 waarden referinda holden op 28 febrewaris, 5 juny, 25 septimber en 27 novimber, en der waard stimd oer sokke útinoar rinnende ûnderwerpen sa as it útsetten fan migranten nei twa misdriuwen yn in perioade fan tsien jier; it al of net bestean litten fan de fiskale ferskillen tusken troud en net troud gear-

libjen; it yntrodusearjen fan in basisynkommen en it ferbieden fan it spekulearjen op beskate grûnstoffen (lykas mais en nôt).[10]

Resultaten

Sûnt 1874 binne yn Switserlân 180 fakultatyf korrizjearjende referinda troch de befolking ôftwongen – wêrfan't goed hûndert ek werklik in mearheid hellen. Fan de 200 folksinisjativen dy't sûnt 1891 oan de befolking foarlein waarden, binne mar twaentweintich oannommen. It is dan ek dreger om in folksinisjatyf slagje te litten; dat ferget nammentlik in *dûbelde* mearheid – sawol yn it totale tal útbrochte stimmen, as ek yn *mear as de helte* fan de kantons.

It referindum hat twa wichtige – en sa foar it each tsjinstridige – gefolgen foar hoe't de polityk yn Switserlân funksjonearret. Oan 'e iene kant liedt it ta polarisaasje en konfrontaasjepolityk; wy sjogge ommers dat kontroversjele ûnderwerpen hieltiten wer troch folksinisjativen op de politike aginda set wurde. In foarbyld is it folksinisjatyf út 2009 oer it ferbieden fan de bou fan nije minaretten – dat yndie in mearheid helle. Oan 'e oare kant liedt de mooglikheid ta it organisearjen fan in referindum derta dat Switserske politisy tige ynklusyf operearje, en altiten op 'e siik moatte nei in sa breed mooglike stipe foar nije wetjouwing of it nimmen fan besluten. De politikolooch Yannes Papadopoulos neamt it referindum om dy reden in 'swurd fan Damocles' dat boppe de polityk hinget en politisy twingt om nei alle opfettings te harkjen – sawol foarôfgeand oan, as wannear't it wetjouwingsproses oan de gong is. De drompel foar in partij of in maatskiplike organisaasje om in referindum te organisearjen is net heech – en ûntefreden groepen kinne harren sadwaande altiten op dat machtsmiddel rjochtsje. Tagelyk witte dy groepen ek dat it gjin doel hat om al te útsprutsen útstellen te dwaan, omdat dy gjin mearheid krije sille by it úteinlike referindum.[11] Sa hâlde minderheden en mearheden inoar aardich yn it lykwicht.

Pieter Hendrikus van der Plank (1944) promovearre op taalassimilaasje fan Europeeske taalminderheden (yn Utert, 1971) en op etnyske suvering (yn Grins, 2004). Hy skreau ek in wichtich artikel oer A History of Collective Minority Rights in the European Historical Context *(2010). Sjoch mear oer him yn myn earste artikel oer 'Fryslân foarst en it Frysk keninginne (I)' yn* Nij Frisia *(nû. 2, simmer 2020, noat 24).*

Neffens ûndersyk út 2008 is 89,9 prosint fan de Switsers grutsk op de eigen steatsynrjochting. Út datselde ûndersyk docht bliken dat mar leafst 93,7 prosint fan de Switserske befolking de direkte demokrasy tige wichtich achtet foar de takomst fan it lân. Út resinter ûndersyk komt fierders nei foaren dat hast 80% fan de Switserske befolking fertrouwen hat yn it eigen regear. Dat binne sifers dêr't frijwol gjin inkeld oar lân ek mar by yn de buert komt.

Nederlân en Switserlân

It meitsjen fan in ferliking tusken Nederlân en Switserlân is nijsgjirrich: allebeide binne it betreklik lytse lannen, ûntstien út in mei-inoar gean fan ferskillende gebieten (kantons, provinsjes), dy't oarspronklik benammen op harsels rjochte wiene en ûnderling nochal ferskilden (sawol taalkundich as religieus, kultureel en sosjaal-ekonomysk). De Nederlânske Opstân tsjin de Spanjerts – en it Plakkaat van Verlatinghe dat dy Opstân legitimearje moast – jildt as ien fan de earste politike manifestaasjes fan wat letter de "locke-aanske"[12] doktrine fan de folkssoevereiniteit hjitte soe: by wanbestjoer mei men de besteande oarder oan de kant reagje en in nij regear oan de macht bringe. Mar wylst Nederlân yn de Bataafsk-Frânske tiid in ienheidssteat waard, en de reële ynfloed fan de befolking op de polityk foar it grutste part symboalysk waard (yn de *elektive aristokrasy* dy't dêrnei optúgd waard), is Switserlân nea ûnder sintraal, topdownsgesach brocht. It lân is tige desintraal en bottom-up organisearre bleaun. Om harren lokale autonomy te beskermjen foar de ûnûntkombere ekspânsjedrift fan de sintrale oerheid, hawwe de kantons lanlike referinda ôftwongen. Dêr't de Switsers keazen foar striid en in echte demokrasy waarden, waard der yn Nederlân keazen foar pasifikaasje; ús lân ferpyldere en der foarme him in partijkartel dêr't de macht suver folslein – en ûnoantaastber – troch in lytse politike kaste yn behearske wurde koe.'

Oant safier myn wiidweidich sitaat (yn Fryske oersetting) fan de treflike analyze fan Baudet. En no sitte wy mei de brokken. En dy binne foar Fryslân en it Frysk hiel grut en skealik. It moat dus oars: Fryslân moat (wer) op it *foarste* plak komme en ús eigen taal moat dêr de earste taal fan wurde. Soks sil gâns striid kostje, mar der is gjin oarrewei ...

Fryslân en Europa

Yn sa'n tinkramt past faaks ek de needsaak om te kommen ta in nije struktuer foar Europa en de Europeeske Uny dy't bestean kinne soe út sa'n 50 oant 60 *autonome* histoaryske regio's. Ulrike Guérot, heechlearaar Euro-

[10] Yn it *Friesch Dagblad* (10-02-2020, s. 7) is in artikel opnommen ûnder de kop *'Zwitsers bekrachtigen discriminatieverbod'*: 'Zwitsers hebben volgens plaatselijke media in een referendum wetgeving tegen discriminatie van lesbiennes, homo- en biseksuelen en transgenders (lhbt) bekrachtigd. De kiezers wezen tegelijkertijd een plan af om overheden ter dwingen 10 procent van alle nieuwe woningen zonder winstbejag te laten bouwen en te verhuren. De initiatiefnemers wilden zo meer betaalbare woningen realiseren. Het Referendum over discriminatie op grond van seksuele oriëntatie vloeit voort uit nieuwe regels die het bestaande verbod te discrimineren uitbreidt met een uitdrukkelijk verbod homoseksuelen te discrimineren. Tegenstanders zien dat als een bedreiging van de vrijheid van meningsuiting. Ze legden het de kiezers voor in de hoop op een "nee". Maar die opzet heeft volgens Zwitserse media duidelijk gefaald. In beide referenda is de meerderheid naar verwachting rond de 60 procent van de uitgebrachte stemmen.

De Zwitsers stemmen vaak tegelijkertijd in referenda over een heleboel vraagstukken, zowel nationale als plaatselijke. In het kanton Aargau is bijvoorbeeld gestemd voor regels die het daar moeilijker maken een Zwitsers paspoort te verwerven. In Genève hebben de kiezers de afschaffing van de hondenbelasting teruggedraaid. In Sankt Gallen wees 53 procent van de kiezers een plan af om voortaan per referendum te bepalen wat gemeenteambtenaren verdienen.'

Yn de *Leeuwarder Courant* (10-02-2020, s. 8) stie in wat koarter artikel mei yn grutte halen deselde ynhâld.

[11] In goed foarbyld dêrfan lies ik yn it *Friesch Dagblad* (26-11-2018, s. 7): 'Een populistisch gekleurd voorstel om vast te leggen dat het Zwitserse recht boven internationale afspraken of verdragen staat, is gisteren in grote meerderheid verworpen. Het in een referendum voorgelegde plan van de conservatieve nationalistische SVP is door twee derde van de kiezers weggevaagd.

Zwitsers stemmen al meer dan tweehonderd jaar in referenda en schuwen doorgaans radicale voorstellen. Toch waagde de grootste partij van het land, de SVP, de kiezers te vragen of de wetten van hun land onder alle omstandigheden boven verdragen staan. De SVP noemde het het "zelfbeschikkingsinitiatief". Als het was aangenomen was het een belangrijke aantasting van het internationaal recht en volkenrecht geweest.

Aanleiding vormde ooit de uitspraak in 2012 van het Zwitsers hooggerechtshof dat dit hof zich aan het oordeel van het Europese Hof van Mensenrechten moet houden. De Zwitsers konden ook stemmen over de vraag of de staat boeren moet steunen die de horens van hun koeien laten groeien en of de sociale dienst privédetectives mag inzetten bij vermoedens van misbruik.

De Zwitsers verwierpen het voorstel om subsidie te geven aan boeren die de hoorns van hun vee laten groeien. De inzet van privédetectives door de sociale dienst haalde wel een meerderheid.'

[12] John Locke (1632-1704) is in ferneamde Ingelske filosoof. Hy pleite foar folkssoevereiniteit en beskôge it *sosjale kontrakt* as de basis fan it formele steatsrjocht, d.w.s. de opfetting dat de foarst of it regear de wil fan it folk wjerspegelje moatte.

Histoarika en filosofe Ulrike Beate Guérot (1964) is heechlearaar Europeesk belied en stúdzje fan de demokrasy. Hja achtet in 'echt' demokratysk Europa fan autonome Europeeske regio's in needsaak.

peeske polityk en demokrasy oan de universiteit fan Krems (Eastenryk), bepleitet dat û.o. yn har boek *Warum Europa eine Republik werden muss*[13]: 'Weg mit der Brüsseler Trilogie aus Rat, Kommission und Parlament! Die Nationalstaaten pervertieren die europäische Idee und spielen Europas Bürger gegeneinander aus. Her mit einer Utopie für Europas Zukunft: Alle europäischen Bürger haben gleiche politische Rechte. Vernetzt die europäischen Regionen! Schafft ein gemeinsames republikanisches Dach! Wählt einen europäischen Parlamentarismus, der dem Grundsatz der Gewaltenteilung genügt!' (efterside). 'Würden europäische Metropolen und Regionen zu den konstitutionellen Trägern einer europäischen RePublik werden, müsste niemand seine Identität aufgeben. Europa würde in einer solchen Neuwerdung, die eben nicht *Zentralisierung* ist, nichts an Vielfalt einbüssen, sondern sogar Vielfalt dazugewinnen – das Bretonische, das Sorbische, das Baskische, das Gälische. Alles hätte wieder Platz, seinen Platz in der Europäischen RePublik' (s. 158). 'Zweisprachigkeit als Normalität, eine regionale Sprache und eine europäische Verkehrssprache – das muss in Zukunft kein Problem sein [...]' (s. 165).

Guérot wol dat yn 2045 winliken goed regele hawwe. En dan soe yn ús Westerlauwersk Fryslân it *Frysk* yn alle gefallen de *earste* taal wurde moatte en moat it Hollânsk syn oerhearskjende posysje folslein ferlieze. En wêrom net stribje nei in regio 'Frisia', dy't oer de hjoeddeiske steatsgrinzen hinne rikt en ek East- en Noard-Fryslân yn it hjoeddeiske Dútslân beslacht? Wêrom soe dat ûnmooglik wêze? En kinne wy yn dat ramt dan ek net in protte fan Switserlân opstekke? Myn earder foarstel om ta in mienskiplik 'Opstalsbeamparlemint'[14] te kommen, kin dêrta in gaadlike opstap wêze ...

[13] Ulrike Guérot, *Warum Europa eine Republik werden muss! Eine politische Utopie* (Bonn: Verlag J.H.W. Dietz, 2016; 308 siden). It boek is ek yn it Hollânsk ferskynd as: *Red Europa! Waarom Europa een republiek moet worden* (Amsterdam: Uitgeverij Atlas Contact, 2017). Benammen haadstik 8 is foar ús doel fan belang: 'Die Europäische RePublik der Zukunft wäre als ein horizontales Netwerk aus autonomen Provinzen und Metropolen, die über eine einheitliche europäische Infrastruktur und einen zu definierenden fiskalischen Föderalismus miteinander verbunden sind. Über ihr Haupt spannt sich gleichsam der gemeinsame Rechtsrahmen einer Europäischen RePublik, der die politische Gleichheit aller europäischen Bürger garantiert. Europa wäre also nicht mehr in einem verworrenen Mehrebenensystem gefangen (Nationalstaaten *unten*, Brüssel *oben*), sondern horizontal, dezentral und vernetzt. Die Regionen und die RePublik sind zusammen das republikanischer "Wir", der organische Körper, Personenverband und Verfassungsverband zugleich, [...]' (s. 149). 'Weitgehende regionale Autonomie und eine europäische Rechtsgemeinschaft in einem republikanischen Sinne würden dann über die politischen Institutionen der Europäischen RePublik miteinander verklammert' (s. 154).

[14] Sjoch ek myn artikel yn 'Ús eigen Taal (32)': 'It kleaster Ihlow en de Opstalsbeam as ynspiraasjeboarne'; yn: *Nij Frisia*, jrg. LXVIII, nû. 3, hjerst 2019 (s. 3, 5-12) , mei dêryn opnommen in brief (fan de Fryske Rie) oan de Advyskommisje foar it *Ramtferdrach* fan de Ried fan Europa (d.d. 19 nov. 2018) mei myn pleit foar it oprjochtsjen fan in *ynter-Frysk kultuerparlemint* (s. 11-12).



Switserlân hat hjoed-de-dei 26 kantons (dielsteaten) en dy hawwe allegearre in eigen grûnwet, in eigen kantonsparlemint, in eigen kantonsregear en eigen rjochtbanken. Neffens de Switserske Grûnwet komt it 'residuêr' foech ta oan de kantons en dat hâldt yn dat dy de sizzenskip hawwe oer alles wat net eksplisyt tabetroud is oan de konfederaasje en de federale wetten.

Allemaal Friezen

Boukje Grandke (*LC* 9 juni) schrijft dat sommige mensen zich niet voelen aangesproken als Friezen. Het belangrijkste is volgens mij dat iedereen het gevoel moet hebben 'erbij te horen', welke taal of huidskleur je ook hebt. En daar hoort bij dat je elkaar moet willen verstaan. Wat dat betreft is er sinds ca. 1950 ontzettend veel verbeterd. In mijn dorp wil bijna iedereen Fries verstaan. Voor sommige oudere Friestaligen is dat moeilijk. Dat komt allemaal van vroeger, toen we door het onderwijs neergedrukt werden. Ik herinner me nog hoe een meisje met instemming van de meester werd uitgelachen, toen ze zei: „Het paaltje is gebrakt". Geen wonder dat we voor iedere Nederlandstalige in de houding sprongen. Maar die tijd is gelukkig voorbij.

Pyt Kramer. Mildaam

'Allemaal Friezen' (Leeuwarder Courant, 13-06-2020, s. 14)?
Sjoch it artikel 'Soe sûndigjen regel wurde?' fan Bertus Postma op side 26.

In Nederlânske flagge yn 'e Steateseal? In griis!!!

Albert fan Dyk fan it *Foarum foar Demokrasy* tsjinne yn 'e mande mei de PVV en 50PLUS yn jannewaris 2020 in foarstel yn by Provinsjale Steaten om de Nederlânske trijekleur yn 'e Steateseal te krijen.

Aloan wer by de ljedder op ... (foto: S. T. Hiemstra)

Dat freget om aksje

Hoe blyn kin men wêze foar wat der libbet yn ús Mienskip ... bok, bok, bok! It is krekt de wike dêrfoar dat wy op tongersdei 16 jannewaris 2020 in gearkomste hawwe fan de *Jongfryske Mienskip* (JFM) en wy fuortendaliks beslute om yn aksje te kommen. Ferskate leden fan ús feriening wiene doem, ek steateleden woene wol meidwaan. It plan wie om de hiele Twibaksmerk yn Ljouwert, dêr't it Provinsjehûs stiet, fol te hingjen mei sa'n 500 meter oan Fryske flaggen. De aksje waard útfierd op 21 jannewaris 2020. Dat wie in dei foardat yn de Steaten de stimming dêroer syn gerak krije soe. Wat moast der komme? It wie koart dei.

Út it bestjoer wei joech Menno oan dat er wol foar Fryske flachjes soargje koe. Ik soe de karre mei klimmaterieel meinimme. Yn it tuskenlizzende wykein joegen Sytze Hiemstra en Ed Knotter oan om ek meidwaan te wollen. Al wie it mar foar de morele stipe, seine de mannen. Machtich, no!

Wolter Jetten en Sjoerd Grienhôf hiene yntusken de *Omrop* waarm makke en dy soe der ek by wêze yn de foarm fan *Willem Wâldpyk*. It *Foarum foar Demokrasy* fielde de hite azem fan it Fryske Ferset yn 'e nekke en paste it foarstel oan mei de ***Fryske*** en ***Nederlânske*** flagge. Dat woe der by ús likemin yn en sadwaande setten wy troch.

Provinsjehûs

Op de jûn sels komme wy om in oere as njoggen gear yn 'e Ierske Pub *Paddy O'Ryan* foar it Provinsjehûs oer. Dêr earst mar efkes wat moed yndrinke. It wie bêst noch wol drok oan 'e oarekant by it Provinsjehûs. Minsken rûnen oanienwei yn en út. Healwei tsienen begjint it wat rêstiger te wurden. Om tsien oere hinne geane de lûken ticht en komme wy manmachtich yn aksje mei leiders (ljedders), flaggen, tiewraps en duct-tape. Gjin beam of lantearnepeal is feilich en wurdt brûkt as ophingpunt. Willem Wâldpyk leit alles fêst foar ús neiteam. Ynienen komt der in surveillânse-auto mei swaailjocht de Twibaksmerk opriden. 'Jimme binne derby', seit Willem. It docht bliken dat it ús Thobias wie, dy't by in befeiligingsbedriuw wurket en fan mem

It begjint der aardich op te lykjen mei al dy Fryske flachjes ... (foto: S.T. Hiemstra)

Ús Fryske flagge kriget fansels in sintraal plak ... (foto: S.T. Hiemstra)

Alles is klear en it kin besjen lije! (foto: S.T. Hiemstra)

heard hie wêr't wy mei dwaande wiene.

Sa, dat rûn noch goed ôf. In heal oere letter is wol it rekke en komt der in plysje-auto oanriden mei de fraach: 'Wêr binne jimme mei dwaande?' Wolter Jetten jout útslútsel en stalt in ferhaal gear dat wy de brot fersierden om't twa fan syn kollega's de oare dei harren jierdei fierden op it Provinsjehûs. De mannen nimme it oan as Molkwar-

De oare deis nei it lemieren. En ja, noch lokwinske! (foto: Omrop Fryslân)

der koeke. It ophingjen is noch aardich wat wurk. Auke de Haan fan 'e Harkema moat nuvere kaprioalen úthelje om de flaggen de loft yn te krijen.

En dan bart it ... De rollûken fan it Provinsjehûs geane omheech en in befeiliger komt nei bûten. Sytze Hiemstra lit der gjin gers oer groeie, stapt fuort op de man ôf en ferdútst him: 'Ja, dit is in grutte ferrassing foar Arno Brok.' Nei't Sytze fiif minuten mei de befeiliger praat hat, biedt dy syn help oan. Kin it better?

Fryske autonomy

Sa hiene wy allegearre ús taak en stiene mei-inoar ree om op te kommen foar ús Fryske idealen. Op wei nei Fryske autonomy yn 2050, soe 'k sizze!!

Sander Hoekstra,
bestjoerslid fan de JFM

In noflike neisit yn de 'pub' en op nei autonomy foar Fryslân ... (foto: S.T. Hiemstra)

De Brykfryske Mienskip

Lêzing holden foar de Jongfryske Mienskip op 1 novimber 2019 te Oerterp

*Abe de Vries**

Bestjoer, dames en hearen, tank foar de útnûging oan my om hjir te kommen en wat te sizzen oer de 'Brykfryske Mienskip', sa wie de suggestje dy't my oan 'e hân dien waard troch bestjoerslid Wolter Jetten.

It moast foaral 'in kritysk lûd' wêze, wie it boadskip. Dat, as guon fan jim aansen reade pompeblêden op 'e snút krije fan lilkens en argewaasje, of my útmeitsje wolle foar in 'smoarch Hollânsk dweilstik' of in geheim agint fan de AIVD - is my ek al ris bard -, tink dêr efkes oan. Myn skuld is it net, ik set hjir fraachtekens op oanfraach. Mar ik mien wol wat ik sis, al sil it der neffens guon wol wat sljucht en rjucht út komme.

Miskien moat ik earst wat oer mysels fertelle. Ik bin in Frysktalich sjoernalist en einredakteur by it Frysk Deiblêd, dichter, skriuwer en literatuerûndersiker by de Fryske Akademy. Dêrút folget al daliks dat de Fryske taal, net as in museumstik mar as alle dagen te brûken ark, foar my, myn wurk en myn libben is.

It twadde ding dat ik yn dit fermidden daliks bekenne moat, is dat ik âlderwetsk links wie, bin, en bliuw. Dat ik Domela Nieuwenhuis de grutste fan de njoggentjinde, en Joop den Uyl de grutste Nederlânske politikus fan de tweintichste iuw achtsje, beynfloedet myn blik op fan alles en noch wat. Net elkenien hoecht it mei myn politike kleur iens te wêzen, mar ús mem silliger sil wol glimkje.

Wêrom in 'brykfryske' mienskip? Lit my ris, om wat natuerlikwei by myn ûnderwerp te kommen, úteinsette mei in blik op de ynternetside fan de Jongfryske Mienskip. Dy sjocht der prachtich út en yn it algemien binne de digitale presintaasjes modern, oantreklik en faak profesjoneel foarmjûn. Mar op de iepeningsside treffe my wol daliks trije ynhâldlike boadskippen, dy't de muoite wurdich binne om earst efkes te sinjalearjen.

It earste is it ûntbrekken fan de Fryske flagge. Ik sjoch fjouwer flaggen dy't ik net ken, al leau 'k dat ien dêrfan de saneamde en net sa hiel lang lyn ûntwurpen 'ynter-Fryske flagge' is, mar ik kin mis wêze.

De promininsje fan dy flagge is grif om de ferbûnens dy't de Mienskip fielt mei de ûnderskate noch besteande Fryske taalfarianten pratende befolking bûten Fryslân oan te jaan. Mar, mei alle respekt, 'das war einmal' - der is net folle mear oer om jin mei ferbûn te fielen ommers. Fryskpraters bûten Fryslân binne óf emigranten, of se wenje yn trije doarpkes yn 'e omkriten fan Oldenburg, of se hâlde ta yn in pear âldereinhuzen yn Ostfriesland, of se hokje noch gear mei in stik as tsientûzen die-hards yn in úthoeke by de Dútsk-Deenske grins.

Bêst, tink ik. Mar hat de Jongfryske Mienskip neat driuwenders en belangrikers te dwaan as de jierlikse pelgrimsreis nei de Opstalsbeam en it oanwizen fan allerhanne 'wetenswaardichheden' oer de skiednis fan in ea, hiel lang lyn Frysk bûtenlân? Wêr is, mei oare wurden, de *Fryske* flagge bleaun?

Twadde ding dat opfoel: de Jongfryske Mienskip is oprjochte troch Douwe Kalma. Stiet dêr. Yn it ramt fan de altyd ferliedlike heldeferearing is it taskriuwen fan dy oprjochting oan ien persoan in boppeslach, mar yn werklikheid wienen der yn novimber 1915 in pear mear oprjochters yn it Oranjehotel yn Ljouwert.

Rintsje Sybesma bygelyks. Pieter Sipma. Net de minsten.

Tredde ding: de dichtrigel. 'Aldfaers erf wy weitsje oer dy'. Dy rigel komt as ik my net fersin út it bekende liet 'It Heitelân' fan Jan Linses van der Burg:

Dêr't dij 't âlde folk biwarre,
Trou tsjin stoarm en twinglandij;
Scille wy as Friezen swarre:
Aldfaers erf, wy weitsje oer dy!

De tekst komt út 1900 en is skreaun neffens in foarbyld fan de joadsk-sionistysk-kommunistyske Snitser Sam de Wolff, dy't hope hie dat syn tekst it nije Nederlânske folksliet wurde soe. 'O Canada, we stand on guard for thee', sjonge de Kanadezen yn har folksliet, dat datearret fan tweintich jier earder. Noch altyd is 'It Heitelân' ien fan de meast draaide Frysktalige nûmers op kremaasjes yn Fryslân.

Ik nim no efkes in *gothic* rûte: fia dy kremaasjes kom ik op de ûndergong fan it heitelân as we know it. Wat docht no de Brykfryske Mienskip anno 2019 foar nuttichs om dy ûndergong te kearen en oer it âldfaars erf te weitsjen?

Dat liket nijsgjirrich om út te finen. Ik stap dêrta oer nei de Facebook-side fan de Mienskip, om te sjen hoe't der tocht wurdt om it publyk te berikken. Myn each wurdt daliks lutsen troch in bloedmoaie healneakene boerefaam en de fûlreade lippen fan wrâldmodel Doutzen Kroes. Ha! tink ik, de hearlikheden fan it Fryske folts sille hjir rynsk foar it fuotljocht brocht wurde.

Mar dat falt ôf. Want ik lês fierder foaral bydragen oer hoe't Brabânske boeren it Fryske folksliet mei-âlje, oer kening Finn, Beowulf, de Slach by Warns, 'the origins of the Frisian freedom', 'das historische Ostfriesland', Noarske goaden, de Deenske keninginne, Helgolân - nim my net kwea ôf, Hilgelân - Wij Vikingen yn it Frysk Museum, en dat allegear ôfwiksele mei melodieuze muzyk fan etno-metalbands as Baldrs Draumar en Jitizer.

En dan bin ik noch mar tebek gien oant ein augustus. Earlik is earlik, in pear kear komt ek de Fryske taal nei foarren. Mar dat mei suver gjin namme hawwe. Dan moatte jo de eagen wol hiel goed iepen hawwe, oars sjogge jo it net en binne jo der al foarby.

Ik sis it mar sljucht en rjucht: wat ik tsjinkom is allegear in hiel soad *midsiuwen*, in hiel soad *wy ea-Friezen* fan it Swin oant Moermansk, en in hiel soad byinoar fantasearre *romantysk nasjonalisme* ferpakt yn moaie plaatsjes en pakkende teksten. Mar mei relatyf mar in hiel lyts bytsje each foar de *realiteit*.

No kin de Jongfryske Mienskip der foar kieze om in soartemint histoaryske *re-enactment* feriening mei Frysk karakter te bliuwen. Gewoan in gesellige buorreltafelklup, bearenburch, drûge woarst, dúmkes, Deensk bier en wat kwartette mei de sân seelannen en har lânsflaggen. En dan is der mei de koerts fan hjoed fansels neat mis.

Ik tink lykwols dat soks sûnde sûnde en skande skande wêze soe. It âldfaars erf hat gjin buorreltafelklup, mar weitsers nedich. Noch altyd, nee, mear as ea. Mar - en dat is myn punt - miskien nét it soarte fan weitsers dat jim neffens sosjale media foaral wêze wolle.

'Fryslân fs. de Rânestêd', dat boadskip wurdt bygelyks ek útdroegen. It is de moderne oersetting fan it bekende anty-Hollân sentimint. De realiteit is lykwols dat fierwei de measte Friezen, sis mar 99 persint, har sawol Fries as Nederlanner fiele. Dy dûbele identiteit wurdt yn 'e rûnte dêr't ik no foar praat, meast oan kant skood, mar dêr wurdt de saak net oars fan. De ynbring fan Friezen yn de Nederlânske polityk en skiednis is net lyts. It Fryske Nederlannerskip giet werom op de gloarjejierren fan de Republyk, mar doe wie Amsterdam ek al de motor en de ûnmisbere skeakel yn 'e fertsjinst.

Myn punt is: in al te swier oanset wy-sy-tinken wurket net, en sterker noch, ûnderwrot datjinge wat wy graach wolle yn it ûnderwiisbelied, in bettere posysje foar de Fryske taal. Krekt dêrop, op dy taal, moat de Fryske beweging de minsken oansprekke, wol dy beweging himsels lang om let net oerstallich en betsjuttingsleas meitsje.

De boaiem ûnder it Frysk fielen hat foar gewoane minsken lykas wy binne, altyd west de *Fryske taal*. Net op it foarste plak it plattelân, dat hawwe se op oare plakken ek. Net op it foarste plak de histoaryske helden, dy hawwe se earne oars ek. Ek net it deaslaan fan Hollanners mei in roastich swurd of in ein hout út in âlde hikke. Dat is, hoe befredigjend oft dy praktyk ek west hawwe mei, krekt wat te lang lyn.

Nee: dy boaiem ûnder it Frysk fielen is op it foarste plak, op it twadde plak en op it lêste plak de *Fryske taal*.

Dy taal is spitigernôch in krimpend fenomeen: dy ferdwynt en ferdialektisearret bytsje by bytsje, troch globalisearring, massamedia, migraasje, desynteresse, ekonomyske ûntbetsjuttenens, mar ek, en foaral, en dat kin net genôch beklamme wurde, troch bewust belied. Troch it gebrek oan goed en ferplichte ûnderwiis yn dy taal, in grutte flater yn ús demokrasy dy't ferankere sit yn skealike wet- en regeljouwing, net allinnich fan de Nederlânske nasjonale mar likegoed fan de Fryske provinsjale oerheid.

De polityk yn Fryslân hat op dat stik de lêste desennia mar al te dúdlik in koerts keazen. Dy makket fan it Frysk in aardichheidsje, dêr't, no toe dan mar, in healoerke yn 'e wike mei hinne giet. Dy komt mei leardoelen om 'e hoeke dy't neat om 'e hakken hawwe. Dy etnisearret it ûnderwiis en skeint de minskerjochten troch mear ûntheffings te ferlienen oan skoallen yn gebieten dêr't minder Frysk praat wurdt as earne oars.

Mar dy paait ús wol mei kitsj en folkloare. Dy set mei opljochtsjende koweletters it wurd 'Wolkom' del yn de greide lâns de súdlike yngong fan Ljouwert, dat is sa aardich foar de toeristen. Mar dy skrast tagelyk sûnder euvelmoed suver alle Frysk fan betsjutting út it Ljouwert-Fryslân Kulturele Haadstêd 2018-programma.

Nee, de provinsjale polityk wol ús leaver gidse troch it moaie - ha, ha - Fryske lânskip. En as it oer helden gean moat, leaver Grutte Pier as Piter Jelles. Leaver 'de Fryske frijheid', sis mar regionaal adellik eigenbelang fan seis-, sânhûndert jier lyn bewiereekje, as Frysk- en Hollânsktalige bern yn Fryslân ferplichtsje, goeiegodskes, om fatsoenlik Frysk te learen.

Ik haw yn *Sis Tsiis* yn it begjin tegearre mei Friduwih Riemersma besocht om in oare strategy yn de striid foar Frysk ûnderwiis te krijen. Dat is it útstel om ûnderwiis yn de eigen taal tenei suver te besjen as in minskerjocht of bernerjocht, hoe't jo it mar neame wolle. En om út dy posysje wei krityk te leverjen op it oerheidsbelied, sawol út De Haach as út Ljouwert wei.

Koartsein: wy wolle graach dat Frysktalige bern goed ûnderwiis krije yn de eigen taal, net om nasjonale aspiraasjes foar in Frysk 'folk' te befoarderjen, of om de neitins fan Grutte Pier te earjen, mar om't bern - en oeral op 'e wrâld is dat sa - better leare yn har eigen taal. En dus op efterstân set wurde as se twongen wurde om te learen yn in oare taal.



Abe de Vries

Mar o heden, dat wie mis. Nei ien súksesfolle en histoaryske manifestaasje waarden de spanningen SisTsiis al tefolle. De rjochterflank wol dat ûnderwiis nammentlik leafst besjen as in folksrjocht en nimt net de konkrete perspektiven en rjochten fan it yndividu as útgongspunt, mar de net besteande neden fan in imazjinêr folk.

Nasjonalisten misbrûke yn myn eagen de striid foar it ûnderwiis as in ynstrumint yn har striid foar hiel wat oars, neam it ûnôfhinklikens, autonomy of simpelwei Hollân-bashing. Risseltaat: nearne komt in bliksem fan telâne, net fan dat Frysk ûnderwiis, en ek net fan *Sis Tsiis*.

Mei de Fryske politike earm stevich mar net al te talich op it plús, en mei de Jongfryske fleugel foaral op 'e siik nei nostalgy, sjocht it der foar wat perspektiven op better taalûnderwiis oanbelanget dêrom net hiel bêst út. Sa sille úteinlik ek - tink ik - begripen as 'Fryslân', 'Frysk' en 'Friezen' en de eigen provinsjale organisaasje op in stuit in kear yn 'e knipe komme.

Is der ferset? Protest? Lilkens? Oeral ride se tsjintwurdich de trekkers foar út de boereskuorren. Stikstofbelied, fersmoarge-grûnbelied, Swarte Pyt, en wat sille wy noch allegear belibje. Mar mei krij 'm beet hûndert trekkers it Provinsjehûs en/of de Twadde Keamer blokkearje yn it ramt fan aksjes foar it Frysk ûnderwiis? Dat is der net by. Mei twahûndert man en frou nei in skoallemienskip om't dy neat of fierstente min oan it Frysk docht, ek net.

Hie myn taal mar trekkers. Hie myn taal mar sprekkers dy't der wat om joegen.

Om it safier te krijen, sil der wurk ferset wurde moatte.

Dat wurk hjit, ik sis it efkes amtlik, sadat it Provinsjehûs der ek wat fan meikriget, yn geef Frysk: it kreëarjen fan draachflak. Wat docht de Fryske beweging yn it algemien, en de Jongfryske Mienskip yn it bysûnder, oan it kreëarjen fan draachflak foar it Frysk en Frysk ûnderwiis? Wat men oan de iene kant mient op te bouwen mei reklame foar trijetalige skoallen, brekt men dat oan de oare kant net like hurd wer ôf?

Foarbyld ien. De Ried fan de Fryske Beweging hat in nijswebside, ItNijs.frl. Ik tink dat dat in goed inisjatyf is, dêr't folle mear jild hinne kinne soe, en dat it wurdich is om fierder út te bouwen en te profesjonalisearjen. Mar dat yn syn publyksbelied bystjoering nedich hat. De lêzers- en reageardersrûnten wienen, oan de reaksjes ôf te lêzen, oant net sa lang lyn foaral te finen ûnder in espeltsje Fryske nasjonaaltinkers dy't it har libbenstaak achtsje om foar de islam, moslims en bûtenlanners te warskôgjen. Hielendal it PVV- en FvD-resept, mar net daliks gaadlik, yn myn eagen, foar brede neifolging.

Wat mist, is belutsenens fan in bredere groep minsken, mei mear ferskaat, en ek fan lju mei in hegere oplieding. Wat mist, is in besykjen om middengroepen te berikken ynstee fan ôf te stjitten. It idee fan de Afûk foar Fryske opskriften yn supermerken hat dat wol yn him, ik lies dat dat idee al earder yn Jongfryske rûnte oppere wie. Mar no begjint it fansels krekt: hoe sille provinsje en gemeenten in grut oantal supermerken sa fier krije?

Foarbyld twa. Ik tink dat ek de Jongfryske Mienskip bytiden dwaande is om it bytsje draachflak dat der noch is, fierder ôf te brekken ynstee fan op te bouwen. Sa't ik earder sei, fierwei de measte Friezen sjogge har Frysk-wêzen net yn in skerpe tsjinstelling mei har Nederlânsk-wêzen. Sjoch my dêr net op oan, it is sa. Strategyen dy't wól in tsjinstelling en sels in fijânskip tusken de twa 'identiteiten' suggerearje, slute mei oare wurden in hiele protte minsken út en sprekke inkeld de lytse groep lju oan dy't al sa tinkt.

Sokke strategyen fan eksklusyf-Fryske identiteitskonstruksje dogge neat om de grutte kliber oer de streek te heljen, neat om har tinken oer Frysk ûnderwiis te beynfloedzjen, neat om de minsken de wearde en de skjintme fan har eigen taal beseffe te litten. Neat om mear draachflak foar en yn it ûnderwiisbelied te krijen. Se meitsje inkeld mar dat gâns Friezen har omdraaie en har noch fierder ôfkeare fan har eigen memmetaal.

Alles wat dat feroarsaket, neam ik 'brykfrysk'.

Wat ik, en dit oan 'e ein, de Jongfryske Mienskip ferwyt is in tefolle oan romantyk, nostalgy en Fryslân-bopperopperij, en in te min oan maatskiplike relevânsje. Bûtenlânske reiskes nei histoaryske plakken, ynter-Fryske flaggen, heldeferearing, Fikingen, dat allegear is grif tige gesellich en groepsbinend, mar it is ek in bytsje selsbedroch en 'Spielerei'. It liket wol o sa Frysksinnich, mar is it dat wol?

It is net ûnskealik. It spilet dy lju yn 'e kaart, dy't de striid foar it Frysk leafst nét stride, en dy't o sa bliid binne as Fryske aktivisten harsels en har eigen saak mar wer ris trivialisearje en bûten spul sette.

Âldfaars erf, dêr wol de Mienskip oer weitsje. It stiet op syn ynternetside. Lit my der in ein oan breidzje mei in strofe út in gedicht fan sa'n âldfaar. Wat skreau Waling Dykstra oan 'e ein fan syn lang libben?

Altyd mar onbidich roppe:
„Fryslân boppe! Fryslân boppe!"
'k Freegje, docht dat lûd gegei
Foar ús taalbelang wat mei?

Ik tankje jim foar jim omtinken en ik winskje inkeld mar ús taal in bettere takomst ta as aansen noch de fiertaal te wêzen yn in pear âldereinhuzen, earne ta pún ferfallend op de keale, iensume flakte fan in ik-lul-marwat dialekt.

En ik hoopje ek dat de Jongfryske Mienskip der nochris oer neitinkt, hoe't er it bêste helpe kin.[1]

* *Abe de Vries (1965) is Frysktalich sjoernalist, dichter, skriuwer en wittenskiplik literatuerûndersiker by de Fryske Akademy.*

[1] Op syn webside hat Abe oan it stik noch in opmerking (noat) tafoege, dy't ek wol yn *Nij Frisia* past: 'It wie in noflike jûn dêr yn Oerterp. En de útnûging fan it bestjoer om lid te wurden, haw ik oannommen.'

Nee *net it lêste wurd*

Psychiater & neurolooch Freark Jan Bergstra (1914-2001) trochtinkt yn dit boek de fûneminten fan de Fryske saak.

1. Alle minsken yn Nederlân wurde yn gelikense gefallen gelyk behannele. Diskriminaasje op grûn fan godstsjinst, libbensoertsjûging, polityk, [...] of *op hokfoar grûnslach dan ek mar*, is ferbean (de *Hollânske* grûnwet, kêst 1). Taaldiskriminaasje wurdt gjin útspraak oer dien. Foar steatssiktariske frou Dieuwke de Graaff-Nauta (CDA) en de ministers Ernst Hirsch Ballin (CDA) en frou Ien Dales foel 'taal' lykwols ek ûnder dat op *hokfoar grûn dan ek mar* (*Memoarje fan taljochting* by it wetsûntwerp 'Feroaring fan de AWB, gearhingjende mei it brûken fan de taal yn it bestjoerlike ferkear', Twadde Keamer 1993-'94, 23543).

2. Alle diskriminaasje, benammen dy op grûn fan geslacht, ras, [...], taal of it hearren by in nasjonale minderheid [...], is ferbean (de *Jeropeeske grûnwet*, diel II, kêst 81). Yn de iene grûnwet wurdt taaldiskriminaasje yn Nederlân net iens neamd, neffens de oare is er yn hiele Jerope, dus ek yn *Nederlân* ferbean! Yn de doarpsnammesaak hawwe kolleezje en gemeenterie oars wakker oan it taaldiskriminearjen west (de *Waadhoekster* riedsgearkomste fan 13 juny 2019). Aldergelokst – foar b & w en rie teminsten – is dy wet nea gjin grûnwet wurden om't Frankryk en Nederlân der op tsjin wiene: it is by in *ûntwerp*grûnwet bleaun.

Bertus Jans Postma

3. Alle minsken hearre har foarinoar oer yn in geast fan bruorskip te hâlden en te dragen (*Universele Ferklearring fan de Rjochten fan de Minske*, proklamearre op 10 desimber 1948 troch de Algemiene Gearkomste fan 'e Feriene Naasjes, kêst 1). En: elts hat oanspraak op alle rjochten en frijheden *yn dizze Ferklearring* opneamd, sûnder hokfoar ûnderskie ek mar lykas ras, kleur, slachte, taal, [...] (kêst 2). Fan de geast fan bruorskip wie yn it Frjentsjerter froulju-kolleezje – fjouwer froulju en ien man – én de rie neat te fernimmen doe't de *fnP*-fraksje ús eigen doarpsnammen opeaske. Mar b & w en rie troffen it dat gjinien rjocht en gjinien frijheid *yn dizze Ferklearring* oer doarpsnammen gie.

4. Keninginne Beatrix: 'Troch de aloan trochgeande yntegraasje is it besef sterker wurden, dat ienheid net op ienfoarmigens útrinne moat. It is sadwaande in ding fan belang, dat de kulturele identiteit en it eigen karakter fan de ûnderskate Jeropeeske lannen en regio's ûnderkend wurde en bewarre bliuwe' (rede yn de Rie fan Jerope, Straatsboarch, 25 juny 2002). It is suver in keninklike opdracht oan de gemeentlike bestjoerders om fan koerts te feroarjen, om langer net mear de heilleaze wei nei ienfoarmigens te gean, mar om de karakteristike eigenheid fan ús regio Fryslân fuort te sterkjen, om fan

‘Herbaijum’ en ‘Oudebildtzijl’ wer *Hjerbeam* en *Ouwe-Syl* te meitsjen.

5. Max van der Stoel, Hege Kommissaris foar nasjonale minderheden fanwegens de OVSE (de *Organisaaje foar Feiligens en Gearwurking yn Jerope*): ‘Minderheden moatte de romte krije om har eigen identiteit te bewarjen. Steaten [en gemeentebestjoeren, BjP] hearre achtinge te hawwen foar dy eigenheid en moatte ynsjen, dat dy identiteit in mienskiplik belang is’ (rede yn Teater Romein, 6 febrewaris 1999).

6. Arie Oostlander, CDA’er, yndertiid Learaar fan Balkenende en lid fan it Jeropeeske Parlemint (1989-2004): ‘In demokratyske rjochtssteat is der oan de behanneling fan in minderheidstaal út te kennen [...]. As it der mei de achtinge foar it kulturele ferskaat mar min foarstiet, komme ek al gau oare rjochten yn ’e knipe’ (rede yn de Fryske Akademy, 17 maaie 1999).

7. Hollân is beleaven net frij fan ûnferdraachsumens dêr’t frjemd earst en meast slachtoffer fan is. Te uzes bestiet likegoed in stik ûnferdraachsumens, te uzes wurdt ús eigen sprake slachtoffere, wurde wysels slachtoffere. De riedsgearkomste fan 13 juny 2019 wie wyn op ’e mûne fan heechmoedich en heechhertich Hollân.

8. Sûnder in hân út te stekken, in hantaast te dwaan, in poat te fersetten, geane wy neffens guon ta op ‘ein Volk, ein Reich, ein Wille, ein Gedanke’[1] en *eine Sprache*; geane wy ta op in ienheidssteat. En Rimmer Mulder dêroer: ‘It moat minsken te tinken jaan, dat it krekt diktators binne dy’t it hurdst fjochtsje foar de ienheidssteat’ (yn de iennichste en alhiel *Frysktalige* Ljouwerter Krante fan 12 juny 2001).

Waadhoekster b & w hiene om wet en feiten socht dêr’t se har troch twongen fiele koene om de *Hollânske* doarpsnammen ôf te skaffen. Se hawwe se net fine kinnen. Sadwaande stelde it kolleezje de rie út, om dy Hollânske nammen oan te hâlden. Yn syn gearkomste fan 13 juny 2019 sei de rie foar’t gemak doe ek mar fan *nee* tsjin de doarpsnammewiksel Hollânsk-Frysk/Biltsk. En de fnP? It *nee* fan doe mei foar dy partij lykwols no net it lêste wurd wêze. Nei de wize útspraken hjirboppe (4, 5, 6, 8) kin Frysk-Nasjonaal mei goed fatsoen gjin belies jaan. De doarpsnammen meie foar de helsdoarren lizze, de Frjentsjerter organysk gemikus Jehannes Elzinga sil besykje om se dêrwei te krijen, wei te skúórren en dat troch de wei fan it Ljouwerter bestjoersrjocht ...

[1] F.J. Bergstra, *Skiep binne der inkeld om skeard te wurden* (Gasselternijveenschemond: útjouwerij MONTAiGNE, 1998, s. 102).



Ús eigen doarpsnammen lizze noch altiten foar de Waadhoekster helsdoarren ...

Donorfolder krijgt Friese versie

LEEUWARDEN Er komt zo snel mogelijk een Friese vertaling van de folder die ons land voorbereidt op de nieuwe Donorwet. Die toezegging heeft gedeputeerde Sietske Poepjes van het ministerie van Volksgezondheid gekregen. De kosten hiervan worden ook door het rijk betaald. De gedeputeerde kwam in actie na klachten van de Jongfryske Mienskip. Deze groep vond dat een onderwerp dat zo met je identiteit te maken heeft zeker in de tweede rijkstaal beschikbaar moet zijn. De folder is er in acht talen, maar niet in het Fries. Volgens Poepjes volgt er vanuit het ministerie ook nog een officieel excuus richting de Jongfryske Mienskip.

Boarne: Leeuwarder Courant, *23 juny 2020, s. 21.*

*Kollum fan Jaap Slager (11)**

Fryske politike spultsjes en wer gâns op myn kape

Sa liket it jitte wat yn koroanatiid ...

Moin stalke,

O, hahaha, nim my net kwea ôf. It moat 'kapke' wêze? Myn 'maskerkes' wie in ynslûpsel út it Portegeesk wei, bin ik bang. Wy hearre hjir alle klapsketen 'máscaras', sjuch. 'Mûlkapke' dan mar, fan 'blynkape', tink. Of fan 'mondkapje'?

No moatst ophâlde! Do hast noch net sa 'n ding? Men komt hjir net in winkel mear yn, hear, sûnder sa'n ... eh, kapke. Men wurdt iiskâld weromstjoerd. It makket neat út, dat wy fan 'e wike tebek gongen binne fan 'estado de emergência' (= urginsje) nei 'estado de calamidade' (= ramp) ...

Hast gelyk – it semantyske ferskeel liket net botte grut te wêzen. Mar wy klamje ús – optimistysk as wy Portegezen binne – mar fêst oan dat ús presidint seit dat it in takke tebek is: Och, sizze wy tsjininoar, *ramp? Dat is gjin ramp, ju! Soks giet oer. Ramp hat eat tydlikens, no!*

Politike spultsjes

It nuvere is al dat mûlkapkes ûnder de steat fan urginsje yn 't earstoan net ferplichte wiene. Mar dat wie polityk fansels. De politike funksjonarissen steane al in bytsje foar merakel, no, as se in kapke as plicht oplizze as dy rotdingen net te krijen binne. No't se der al binne en mei de goudpriis meibewege, binne se as plicht oplein. Fuort ek goed foar de ekonomy – twa mosken yn ien flap. Ja, polityk ... Ik moast fan 'e wike ek efkes oan tinke oan jimme politike spultsjes yn it ramt fan de striid foar it Frysk. Dat kaam sa ...

Nei dokter

Wy wiene by dokter yn Mértola ... Hin? Nee, net slim, hear. Mar Maria hie foar fjirtjin dagen in tyk efter it ear. Dy siet der al in pear dagen, noflik yn 'e lijte. It fielde as wie it in bultsje, sei se. Hawar, ik der mei poere alkohol oer gear. Ik wit net of dat DE manear is, mar it wie it earste dat yn my opkaam. En yndie liet er nei ferrin fan tiid sjongend syn ein slûpe, dronken as in poep. De oare deis dochs mar efkes mei dokter skille. Hjir komme hoenear't hja klachten kriget, sei se. No binne wy net sa fleanderich om dokter, hear, yn dizze kroankrisis al hielendal net. Mar, doe't Maria klage oer benaudens, tocht my: fuort mei de geit!

Krupsje

Dy riten dat alles har oanfljucht en dat se benaud wurdt, hat se de lêste jierren wol faker, sei ik-sei-de-gek tsjin dokter, winliken sûnt ús Lúcia slim siik is. Ik hie dokter foar twa jier werom al ferteld dat Maria har dochter, dy't har in jiermannich lyn by de feint yn it

Ingelân nei wenjen set hat, fol kanker sit. As der immen is dy't dêr anneks mei wêze moat, ornearre ik, dan is it dokter, no. Is 't net sa?! Sûnt kriget ús Lucy alle trije wiken gemo tatsjinne en hâld de krupsje safolle as dwaanlik is yn 'e stringen. En soks heeft deryn, sjuch! By in mem, bedoel ik. Dat it deryn heeft by Lucy-en-dy, seit himsels.

In puierke fan dokter

Mar ik bring mysels wer ris fan it sjapiter ... Ik fertelde dokter dat ús Lúcia sa wûnder yn 'e mjitte wie mei de nasjonale sûnenssoarch dêre (NHS). Ja, dat is sa, oppenearre dokter, dy is tige by tige. Hoe kin it dan, foel ik mei de hiele wâl út, dat it Ingelân de measte *kroandeade* kroandeaden hat fan gâns Jeropa?

O, begrypsto dat net, jonkje, spuide – yn *figuerlike* sin dan, hin, fanwegen de mûlkapkes – dokter my op 't festke, in systeem kin noch sa goed wêze, mar ... it is de polityk dy't beskiedt. En as de polityk risselwearret 'Moai wat trochbuorkje, jonges, lit de gelearden mar kletse, mei har lullefikaasjes!', dan kin dat fan sokke gefolgen wêze, ja.

It witte wolle

Ja, dêr hie se al wat by de ein, moast ik tajaan. Boris 'Trump II' Johnson hie it yn it earstoan net op 'e hûd en set de boeisels op 'e kant. Hy hat him no beret, sa't liket. Wêrom, wit ik net ... Polityk, ja. Net myn sterke punt. 'Ús Jaap is sa't er komt', plichte ús mem al te sizzen doe't ik jit in jonge wie. Spitigernôch is der neat feroare – ik bin jimmeroan in sjit-yn-'t-sûpen bleaun. Mar dat hiest tsjin 't sin al ûnderfûn. No bin ik fannijs fan it apperdepo rekke ... Wat woe ik dy no fertelle?

Fryske polityk: twa ljochten brûke

O ja, dat ik it paad no folslein bjuster bin wat jimme strategy oanbelanget ... Jim binne it no sa't it liket wakker iens dat der juridyske prikken yn it wurk steld wurde moatte. Safier wie ik al! Mar no komt it ... *tsjin de Ûnderwiisynspeksje*!? Hahaha! Binne jim dan net ... ehh, *barking up the wrong tree*? Of bin ik no yn 'e beane? Do hiest dochs ferline wike in stikje út 'e krante op it webstee set? Wie de strekking dêr net fan dat dy lanlike Ynspeksje kwikker en kwier syn wurk dien hie? De Ynspeksje hie ommers yn in rapport set dat it skoof en skande is, dy libbene hannel yn frijstellings foar it fak Frysk? Ja of ja?

En wie it net ús *eigenste (!) provinsje* dy't op slach en stuit de opskuor delbêdzje woe? De provinsje – it moat net raarder wurde! Hat Poepjes in draaiwaarle yn 'e

Twa ljochten by de Provinsje? Dan giet it ljocht grif gau út ...

mûle? Hoe neamt men soks ek mar wer? *Twa ljochten brûke*?

Mar, sa't ik sei, it sil allegearre polityk wêze. En jimme witte grif folle better as ik hoe't dat spultsje spile wurde moat. Dêr hat dizze ûnbehelp perfoarst gjin doel oer. 'Ús Jaap komt sa't er is!' Hahaha! Ús mem seach dat as in kwaliteit. Moai, net?

Ja, skyt, *neat* kwaliteit! Alteast, *net* as men it fier skoppe wol yn it libben – yn it bedriuwslibben en fral ... yn 'e polityk!

NDF[1],
Jaap

* *Jaap Slager (Ljouwert, 1958) wennet yn Portugal en docht oersetwurk yn ûnderskate talen. Hy hat in treflike behearsking fan it Frysk (mei syn ryk taaleigen!), it Hollânsk, Ingelsk, Portugeesk, Frânsk en Dútsk. Dizze kollum is skreaun op 8 maaie 2020.*

[1] Yn Jaap syn 9de kollum yn *Nij Frisia* waard de ôfkoarting **OSM** brûkt (= **O**ns **S**oort **M**ensen) en dat frege letter om wat útlis. Yn stee fan **MHG** (= '**M**ei **H**ertlike **G**roetnisse') brûke Jaap Slager en Sytze T. Hiemstra yn harren ûnderlinge korrespondinsje gauris de ôfkoarting **NDF** (= **N**oflike **D**ei **F**ierders). Dat jout foar oaren likegoed wat te rieden ...

Berop Harmonisaasje Plaknammen Waadhoeke

Jehannes Elzinga (l.) foar it gebou fan de rjochtbank Noord-Nederland. Mei reinskerm en buorden Piter Dykstra (m.) en Ed Knotter (rj.): ***it FRYSK docht derta!*** *(foto: Sytze T. Hiemstra)*

Frjentsjer, 14 july 2020

Rju achte mefrou de rjochter,

Op 1 jannewaris 2018 waarden de gemeenten Frjentsjerteradiel, Menameradiel, It Bilt en in part fan Littenseradiel fuzearre ta de nije gemeente Waadhoeke. Yn it ramt fan in weryndieling heart de nije fúzjegemeente op grûn fan de Wet Arhi *(Wet Algemene Regels Herindeling) alle regelingen fan de gearfoege gemeenten binnen sa'n twa jier te harmonisearjen, sadat yn de nije bestjoersienheid alle ynwenners deselde rjochten hawwe. Dy harmonisaasje hat de gemeente Waadhoeke noch net trochfierd op it mêd fan de plaknammen. Dêrtroch is it op dit stuit in gaos wat plaknammebuorden yn Waadhoeke oanbelanget.*

De eardere gemeenten Menameradiel en Littenseradiel hiene earder harren plaknammen offisjeel ferfryske. De Fryske nammen waarden fêstlein yn de *BAG* (Basisregistratie Adressen en Gebouwen), wat betsjut dat yn de kommunikaasje mei de oerheid (bygelyks de belestingtsjinst en rjochtbank) de Fryske nammen brûkt wurde koene, dus ek yn de Nederlânsktalige kontekst. Ôflaat dêrfan koene ek de plaknammebuorden en ANWB-hânwizers ferfryske wurde.

Sûnt 1 maart 1998 jildt dat it Nederlânsk regear ynstimt mei it 'Europeesk Hânfêst foar regionale talen of minderheidstalen' om it brûken fan de tradisjonele foarmen fan plaknammen yn it Frysk ta te stean en/of oan te moedigjen. Doe't dat Europeesk Hânfêst ratifisearre waard troch it Nederlânsk regear, fûn De Haach it net nedich dat der aparte wetjouwing foar de toponimen komme soe. De gemeenten regelen soks ommers altiten goed. De Haach hie doe net foarsjen kinnen dat der ea in gemeente komme soe dy't de iene boarger oare rjochten takenne soe as de oare. Soks stiet ommers heaks op de Grûnwet en de oare wetjouwing. Dochs die Waadhoeke dat.

Fierders is it sa dat de yn 2014 yngiene 'Wet Gebruik Friese Taal' gelikense rjochten foar it Frysk as twadde rykstaal garandearret. Dat is befêstige yn 2017 yn de 'Bestjoerlike Oerienkomst Frysk Taalbelied' yn de nije gemeenten Ljouwert, Súdwest-Fryslân en ek Waadhoeke.

Jehannes Elzinga (m.) mei Cor Jousma (rj.) yn de rjochtseal.

Yn in brief fan 17 desimber 2016 haw ik, foarôfgeand oan de weryndieling, by de gemeente Frjentsjerteradiel pleite foar it harmonisearjen fan de plaknammen. De gemeente antwurde dêrop net fan doel te wêzen om de skriuwwize fan plaknammen te feroarjen; de besteande nammen soene hanthavene wurde. Ik wie it dêr net mei iens, mar haw om yn berop te gean wachte oant de nije gemeenteried en boargemaster fan Waadhoeke ynstallearre wiene yn 2018.

Omdat Waadhoeke net oergie ta harmonisaasje fan de plaknammen, ûntstie dus de paradoksale situaasje dat ynwenners fan de eardere gemeenten Menameradiel en Littenseradiel de Fryske nammen wol brûke meie, mar ik en mei my alle ynwenners fan de eardere gemeente Frjentsjerteradiel net. Der is dus sprake fan rjochtsûngelikensens tusken bewenners fan de gemeente Waadhoeke.

Begjin 2019 hat der in petear west mei de wethâlder, mar dat late net ta oanpassingen fan it belied. Om't ik (en mei my de *Topografyske Wurkgroep Fryslân*) fan miening bin dat soks stridich is mei de Wet Arhi (en it lykberjochtigingsprinsipe) haw ik yn in brief fan 20 maart 2019 in berop dien op de gemeente Waadhoeke om wol oer te gean ta harmonisaasje fan de plaknammen.

Op 13 juny 2019 hat de gemeenteried fan Waadhoeke dochs besletten om myn foarstel ôf te wizen, allinnich de FNP wie foar. Yn in brief fan 2 july 2019 andere de gemeente op myn brief fan 20 maart dat Waadhoeke net oergean soe ta harmonisaasje fan plaknammen. Dat brief giet trouwens hielendal net yn op it riedsbeslút fan 13 juny. Tsjin it beslút fan de gemeente haw ik op 19 july 2019 beswier oantekene. Op 11 oktober waard de beslissing troch de gemeente oan my bekend makke: it beswier waard net ûntfanklik ferklearre op basis fan it advys fan de kommisje foar beswierskriften, nammentlik 'dat het gaat om een intern besluit, niet op enig (extern) rechtsgevolg gericht'.

Dêr bin ik it út noch yn net mei iens. Ik fiel my as ynwenner fan Waadhoeke diskriminearre. Omdat de gemeente wegere it skeel foar te lizzen oan de bestjoersrjochter Noord-Nederland, bin ik sels yn berop gien by de bestjoersrjochter. De Topografyske Wurkgroep en ik beskôgje dizze saak as in proefproses dat konsekwinsjes hawwe kin foar soartgelikense kwestjes yn de takomst. It giet ús der ek om om nei te gean wat de juridyske wearde is fan it Europeesk Hânfêst. Hat it rjochtskrêft of is it in papieren tiger?

Hooplik is de rjochter it iens mei myn berop en kinne wy dizze Fryske *quatorze juillet* noch lang fiere!

Jehannes Elzinga,
Frjentsjer

Ljouwert wol de Friezen, mar net it Frysk

Cor Jousma

By de weryndieling fan 2014 fan de gemeenten Ljouwert mei in grut part fan Boarnsterhim hat de Topografyske Wurkgroep Fryslân foarsteld om de gemeente (en de stêd) mei de kombinaasjenamme Leeuwarden-Ljouwert yn de Gemeentlike Basisadministraasje op te nimmen. It Ljouwerter kolleezje moast der fansels neat fan hawwe. No by de weryndieling fan 2018 mei Ljouwerteradiel en in flink stik fan Littenseradiel, spilet itselde.

Krekt as de ynwenners fan Boarnsterhim hiene dy fan Littenseradiel ek in Frysktalige gemeentenamme yn harren paspoart. In rjocht dat neffens it 'Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden' net samar ferdwine mei.

By beide weryndielings hawwe de gemeente Ljouwert en it Ryk harren hantekening ûnder in bestjoersôfspraak foar it Fryske taalbelied setten. By weryndielings binnen Fryslân is sa'n bestjoersôfspraak oer de Fryske taal needsaaklik. Dy kombinaasjenamme foldocht dus al oan kêst 10 lid 2 letter g fan dat Hânfêst.

De TWF fynt dat de gemeente Ljouwert net foar in twadde kear de rjochten fan de oanheakke ynwenners njonken him dellizze kin en dus de namme Leeuwarden-Ljouwert fêstlizze moat yn de GBA. It kolleezje brûkt as tsjinargumint dat mear Ljouwerters it Nederlânsk as earste taal hawwe. Dêrmei giet it kolleezje foarby oan it Hânfêst dat net foar mearderheden bedoeld is. En oan it feit dat Ljouwert ûntstien is troch de grutte tarin út de Frysktalige doarpen.

Troch de iuwen hinne kaam hast alle groei út de Fryske ommelannen, mei as bloeiperioade de jierren nei de Twadde Wrâldoarloch. Sûnder dy tarin fan Frysktaligen wie Ljouwert no in provinsjestedsje mei de grutte fan amper twa kear Snits. Sûnder dy Friezen nea oer de hûnderttûzen ynwenners, gjin Kulturele Haadstêd, gjin Literêre Haadstêd ensafuorthinne. Genôch stedske fratsen, sûnder sokke weryndielings bongele Ljouwert noch hieltyd tusken baarch en bigge!

It stedhûs fan Ljouwert (foto: HCL)

Topografyske Wurkgroep Fryslân

Soe sûndigjen regel wurde?

Soe sûndigjen regel wurde?

Ús KPN-gemeente te Bitgum e.o. – dêr't Bitgummole ûnder falt – hat in ûntwerp-beliedsplan '020-'025 'Mei it hert nei de himel, mei de fuotten yn 'e klaai' (tsjerkeblêd fan *april* [2020]). 'Onze KPN-gemeente heeft een consept-beleidsplan '020-'025 'Met het hart naar de hemel, met de voeten in de klei' (kerkblad van mei)'. De Hollânske oersetting is fan in âld-fnP-riedslid yn it eardere Menameradiel!

De Burgumer gemeenterie woe fan de leechfleanerij oer it easten fan ús lân neat witte en woe it steatssiktariske frou Visser mei in Frysktalige riedsmoasje datoangeande te witten dwaan. Mar de fnP-fraksje sei fan: 'Ho, wy wolle der in Hollânske oersetting by hawwe' (*LC*, 21 april 2020). It is wat yn 't smûk skaadzjend beamtegrien!

Dat jildt benammen foar fnP'ers dy't it Hollânsk oankrûpe wolle ...

In Mildaamster fnP'er fan de alderearste oere wol der yn syn Hollânsktalich 'Allemaal Friezen' op út dat in Hollanner dy't ús ferstiet 'derby heart', in Fries is (*LC*, 13 juny 2020). Lit my sa'nien in 'Mildaamfries' neame. It liket derop dat er sels ûnderweis is fan Fries – dy't de taal ferstie, lies, skreau en prate – nei *Mildaamfries*. It sóé kinne dat Hollânske nijynkommelingen har no mar al te graach nei wenjen sette sille yn Mildaam dêr't se op 'en aldermakliksten de status fan Mildaamfriezen krije kinne.

En dan in âld-lid fan Provinsjale Steaten. Fan him is in 'Te gast' mei de kop 'Meitsje fan ús lânskip gjin enerzjyfabryk' yn de Ljouwerter fan 3 jannewaris 2019. It wiene ek de lêste wurden fan de tekst. Mar dertuskenyn wie it oars net as Hollânsk. En soks foar sa'n foarname fnP'er, dy't hiele Frysknasjonaal eins in foarbyld wêze moatten hie ...

Bertus Jans Postma,
Bitgummole, 24-06-2020

Oan de Rjochtbank

Bitgummole, 18 july 2020

Achtbere rjochtbank,

Tiisdei de fjirtjinde hat de bestjoersrjochter mr. E.M. Visser de sitting foarsitten fan dr. Jeh. Elzinga kontra de gemeente de Waadhoeke. Dy sitting koe ik neffens Elzinga op 'e tribune bywenje as ien fan de tsien 'útferkarden' – mear as tsien mochten dêr net sitte. Dat ik hie de help -yn-'e-húshâlding, dy't dy moarns komme soe, ôfsein en de wmo-taksy besteld.

Mar om kertier oer ienen de middeis fan de trettjinde krige 'k it berjocht dat gjin tsien minsken *op 'e tribune* sitte mochten, dat tsien it tal *yn 'e seale* wêze soe, dat rjochter, gemeente, Elzinga-en-syn-oanhâld, Jousma en Omrop Fryslân ta dy tsien rekkene wurde moasten. Op 'e tribune bleauwen amper noch plakken oer, te min om de reis oan te gean, te min om te noedzjen dat der

foar my gjin plak mear wie. De help koe 'k net yntiids mear freegje om dochs noch te kommen, dat dy mist har lean. De taksy koe 'k aldergeloks ôfsizze.

Der binne mear minsken dy't nei de sitting ta woene, mar út deselde reden thúsbleaun wiene. En dat hie net iens hoegd. Op myn âlde Windows 7 wie te sjen dat de lofterhelte fan de seale sa goed as leech wie.

In rjochtbank moat men oars wol op oan kinne, oan it Saailân heart ja *ja* te wêzen en nee *nee*. Mar jim *ja* wie dy tiisdeis *nee* en dat wie mis en derbytroch. Dat jim sá mei minsken omgien binne ... Ien en oar hat my min smakke en my net allinnich.

Achtinge,
B.J. Postma

Efter Jehannes Elzinga (midden) en Cor Jousma (rjochts) gappet in grutte leechte ...
(foto: Omrop Fryslân)



Loftsboppe: Jehannes Elzinga (l.) foar it gebou fan de rjochtbank Noord-Nederland. (Sjoch side 23)
Rjochtsboppe: 'Frysk Blinder!' (Sjoch side 25)
Loftsûnder: Sa liket it jitte wat yn koroanatiid ... (Sjoch side 21)
Rjochtsûnder: F.J. Bergstra 'Skiep binne der inkeld om skeard te wurden'. (Sjoch side 19)

Loftsboppe: Sander Hoekstra (l.) en Jos de Boer (rj.) op 'e treppen foar de telefyzjekamera by de yngong fan it Provinsjehûs (foto: S.T. Hiemstra).
Rjochtsboppe: De Fryske flagge hinget op it rjochte plak (foto S.T. Hiemstra).
Loftsûnder: Sjoch, sjoch dy skeane banen ... (foto: S.T. Hiemstra)
Rjochtsûnder: Efkes neipetearje mei in drankje yn in 'pub' foar it Provinsjehûs oer (foto: S.T. Hiemstra).